

# Boer Swart

Tekst & muzyk:  
Geartsje Douma

By de foar-doar fan boer Swart stie in baarch, dat is a - part!  
ko  
geit  
skiep

Boer, sei de baarch, ha jo noch plak? Knor, want ik syk - je ûn - der - dak.  
de ko  
de geit  
it skiep  
Boe!  
Bê!  
Mê!

Ê jon-ge ja - wol, la - ke de boer. Ik ha fjou - wer hok - jes oer.  
trij - e  
noch twa  
noch ien

Do kinst dyn bich - jes dêr ek ha. Dat li - ket my ge - sel - lich ta.  
keal - tsjes  
geit - sjes  
lam - kes

As ôfsluting kin songen wurde:

Och, sei de boer, dat wurdt wol in toer.  
Ik ha net ien hok mear oer.  
Wacht mar, ik timmerje foar dy  
der gau in houten hokje by.

Opmerking:

Der kin ek oare bistesoarten ynfolle wurde.